

Sietse de Vries

Covidwiksel

BORNMEER

Dizze útjefte is ta stân kommen mei stipe fan de Provinsje Fryslân

© 2022 Sietse de Vries | útjouwerij Bornmeer

Foarmjouwing omslach: Laura Langendijk | Studio Druk

Foarmjouwing binnenwurk: Robert Seton

Printwurk: Wilco, Amersfoort

ISBN 978 94 6471 030 4

NUR 524

Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige en/of iepenbier makke wurde troch printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker wize ek, sûnder dat dêr skriftlike tastimming oan foarôf giet fan útjouwerij Bornmeer, postbus 234, 8400 AE De Gordyk, Nederlân – info@bornmeer.nl.

Bornmeer is in ymprint fan

zo leafdesdichten en in liet fan wanhoop bv

www.bornmeer.nl

1

It wie in ûnbestimde romte dêr't se Jan de Vries út 'e ambulance wei nei ta rieden. Wyt en steryl, de opstelling fan de medyske ynstruminten like mear it resultaat fan tafal of hurde wyn as fan logistyk. It hie de opslach fan oerstallich materiaal wêze kind, de wachtkeamer foar in folgjende behanneling of – foar wa't dêr op hope – de wachtkeamer foar in folgjend libben. Twa ferpleechkundigen panderen om it bêd, se treaune him nuddels yn 'e earm en plakkerkes op it liif.

'Jo binne op de Spoedeisende Hulp,' beantwurde in ferpleechster syn fraach wêr't er wie. 'Wy ûndersykje jo om te sjen oft jo aanst wer nei hûs meie. Mar it kin ek dat wy jo hjir in skoftsje hâlde.'

It wie him wol goed, alles better as noch langer allinne yn syn flatsje omheukerje en op del kreupelje tusken it bêd yn 'e sliepkeamer en de bank yn 'e wenkeamer. Om him namen se him fuortendaliks op en holden se him hjir oant de ein fan 'e winter.

Twa ferpleechkundigen mjitten soerstofgehalte, bloeddruk en sûker, in tredde makke in longfoto, in fjirde woe allinne mar witte wa't er wie: 'J. de Vries, 16-06-1952?'

Hy die de holle lichtjes op en del om te befestigjen dat

namme en bertedatum him bekend foar kamen. ‘Ingelskestrjitte 28?’, wie de folgjende fraach. It adres kaam him sa bekend net foar as de namme en de bertedatum, mar hy wie net it type dat gau twivele oan de deskundichheid fan ferpleechkundigen of oaren dy’t trochleard hiene, dat hy knikte foar in twadde kear fan ‘ja’.

Dat die er yn ’e wiken dy’t folgen faker. Doe’t in ferpleechkundige him op in litteken op ’e búk wiisde bygelyks. Of op it ûntbrekken dêrfan. It hie der neffens it dossier sitte moatten. ‘Of ha jo it weilaserje litten?’ Wer gie de holle op en del.

Fan opsetsin wie gjin sprake. Yn ’e sûs wie er troch sykte en medikaasje, gesechlik wie er fan natuere. Hie it oars gean kind?

Fiif wike duorre syn ferbliuw op de covid-ôfdieling fan Medysk Sintrum Ljouwert. De intensive care bleau him besparre, al skeelde it net folle. Doe’t se him op in freedtemiddei yn febrewaris tsjin trijen in taksy yn skoden, hie er gjin reden en gean derfanút dat se him op in oar plak ôfleverje soene as syn fertroude flatsje oan ’e Dinnestrijtte. De taksysjauffeur – de twaddehâns rolkoffer dy’t noch fan mem west hie oan ’e iene hân en in boadskippetas fan ’e Poiesz yn ’e oare – gie him foar oer it tegelpaad fan it mânske hûs oan de Ingelskestrjitte. Hy oerlange him de kaai fan ’e foardoar en frege oft er him dêr allinne achterlitte koe. Foar de safolste kear yn fiif wike knikte Jan de Vries mei de holle.

2

De foardoar joech tagong ta in hege gong, mei respektivelik twa en trije doarren oan wjerskanten. De gong einige foar in seisde doar. De foar- en achterkeamer – fan elkoar skaat troch tichte kasten en iepen skodoarren – wiene hast like grut as syn hiele flat oan 'e Dinnestrijtte. Yn 'e foarkeamer stiene twa learen rookstuollen, in salontafel en in griene stoffen bank mei sierlike bolpoaten. Jan de Vries rûsde dat de bank like âld wie as syn eigen thús, mar dat dizze tsien kear sa djoer west hie.

Boppe de bank hong in mei de hân skildere lânskip – gjin poster – mei in mûne en in keppeltsje kij dat út in sleat dronk. Neist de bank hong it skildere portret fan in man fan middelbere leeftyd mei aardich lang hier. 'J.W. Goethe', stie derûnder.

Hy rûn nei de achterkeamer, iepene in doar en stapte de keuken yn. Op it oanrjocht stie in smoarge ôfwask mei brean itensboarden, kop en pantsjes, in stik as wat glêzen en trije pannen. Hjir en dêr giene de boarden ferskûle ûnder in laachje skimmel, yn ien fan 'e pannen groeide dy oer de râne.

Immen stuts in kaai yn 'e bûtendoar. Om him tsjin in al te hurde konfrontaasje mei Jan de Vries – wa oars koe er

ferwachtsje? – yn te dekken, luts er him wer werom achter de grutte tafel yn 'e achterkeamer.

‘Binne jo Jan de Vries?’

De fraach kaam út 'e mûle fan in frou fan in jier as fyftich mei read krolderich hier. Se droech in wyt kostúm. Jan de Vries befêstige dat er de man wie waans namme se neamd hie.

Sûnder tichterby te kommen sei se: ‘Ik bin Geeske. Ik bin fan 'e thússoarch. Se ha my frege om jo de earste wike, no't jo wer thús binne, wat te helpen. Wat kin ik foar jo dwaan?’

Jan de Vries wiisde nei de keuken. ‘Dêr stiet in ôfwask, dy moat my ûntkommen wêze.’

Geeske die de keukensdoar iepen. ‘Untkommen? De skim-mel stiet oan 'e souder ta. No ja, ik rêd der wol mei.’ Se pakte in ôfwasktobke en in boarstel út in kastje ûnder it oanrjocht en liet Jan de Vries allinne. Eefkes frege er him ôf oft er har oanbiede moast om te helpen, mar wêrom soe er? Hy wie noch altyd in bytsje covid-pasjint, yn it sikehûs hie er him ek alle help oanleune litten, wêrom hjir net? Hy koe better earst it hûs fierder ferkenne.

Hy socht de treppens op. Dêr en op 'e oerloop leine in flierkleed dat fan in ferlykbere deeglikheid tsjûge as de bank yn 'e foarkeamer. Yn 'e grutte sliepkeamer stie in ledikant dat twivele tusken ien en twa persoanen, krekt as by him thús yn 'e Dinnestrijtte. Hy lei in hân op ien fan 'e knoppen fan it achterste bêdsket en besocht it bêd te ferskowen. Om 'e nocht. It wie, lykas alles yn dit hûs, swierder en djoerder as er wend wie. Yn 'e hoeke fan 'e keamer stie in hometrainer. Dat wurd

hie er ûntholden, de fysioterapeut yn it sikehûs hie him oanret sa'n ding oan te tugen.

De beide oare keamers op 'e boppeferdjipping wiene lytser. Yn de iene stie in ienpersoansbêd mei in grien-roze spreij. Hy gie derop sitten. Doe't er beide hannen mei de nedige kracht op it bêd delkomme liet, dwerrele in wolk stof omheech. Oan it lewant tsjinoer it bêd hong in tekene portret fan in jongkeardel. Jan de Vries bûgde him dernei ta en lies: P. Paaltjens. It hie yn 'e fierte wol wat fan it portret fan J.W. Goethe yn 'e achterkeamer. Miskien hiene se famylje fan elkoar west. Of hiene se har troch deselde keunstner op portret sette litten. Of domwei deselde kapper hân. Alles wie mooglik. It koe ek dat Jan de Vries – soks wie al lang gjin skande mear hjoeddedei – him oanlutsen fiede ta manlju mei lang hier.

Yn 'e tredde keamer stie in lyts burootsje mei dêrboppe in boekerek mei trije planken. Jan de Vries telde yn de gauwichheid in stik as fyftich, sechstich boeken. Trije wiene skreaun troch de J. W. Goethe fan it portret yn 'e foarkeamer. Fan P. Paaltjens seach er er ien eksimplaar: 'Snikken en grimlachjes'. It wie krekt as hie er dêr faker fan heard. It klonk goed: 'Snikken en grimlachjes'.

Tsjin it oare lewant stie in houten ladekast, nei alle gedachten út deselde jierren as it oare meubilêr yn it hûs. Hy luts in laad iepen en trof in heale meter hingmappen oan. Ut de earste fiske er in map mei siferlisten en proefwurken fan in Sjoerd Alberts, learling fan it Comenius College. De measte, mei de hân skreaune stikken tekst wiene yn it Dútsk,

ôfwiksele mei in pear sinnen yn it Nederlânsk hjir en dêr. Oan 'e siferlist wie in pasfoto fan in jonge fan in jier as fjirtjin taheakke.

De twadde map wie fold mei materiaal oer Kees Mast. Op de pasfoto eage er sa blierhertich net as Sjoerd Alberts. Jan de Vries pakte de siferlist fan Sjoerd Alberts der noch eefkes by. Moast Kees him by de measte proefwurken tefreden stelle mei in fjouwer, in seis en ienkear in sân, dêr hie Sjoerd syn heit en mem dat skoaljier – 1989-1990 – bliid meitsje kinnen mei sân en achten en ienkear in njoggen.

Hy luts noch in pear mappen omheech en beseach de pasfoto's, sûnder him fierder yn 'e stúdzjeresultaten fan Berber Hielkema, Ingrid van Zon, Jelle Bandstra en de oare klasgenoaten fan Sjoerd en Kees te ferdjipjen. Ut de gegevens dy't se fierder ynfold hiene, makke er op dat alle learlingen yn 1989-1990 yn 'e tredde fan 'e havo sitten hiene.

Yn ien fan de oare hingmappen trof er in oantal persoanlike gegevens oan fan Jan de Vries. Op in pasfoto wie te sjen dat hy en syn namgenoat fan deselde jierren wiene, mar om no te sizzen dat se sprekking op elkoar liken. De Jan de Vries op 'e foto hie in bredere holle, foar de noas jilde itselde. It hier fan de beide manlju wie griis-wyt, mei mear wyt as griis. Wylst er sels goed tweintich jier lyn al ôfskied nommen hie fan 'e lêste hierkes boppe op 'e holle, wie it dy oare Jan de Vries op 'e dei dat dizze foto makke waard slagge om oeral noch wat restanten wei by elkoar te kjimmen en dêrmei in trochsichtich ôfdakje oer syn glânzgjende plasse te lizzen.

3

‘Ik bin klear yn ’e keuken,’ rôp Geeske fan ûnderoan de treppens. ‘Kin ik jo noch mei wat oars helpe?’

Hy tocht oan ’e laach stof dy’t yn ’e foar- en achterkeamer oer de tafels, de stuollen en de oare meubels lei. Hy daalde de treppens ôf. ‘Wat jo miskien wol dwaan kinne, is de beide keamers eefkes stofsûgje en ôfstofje.’

‘Eefkes?’

‘Hoe oars?’

‘It kin wol, mar net eefkes.’

Alhoewol’t Jan de Vries yn syn hiele libben noait yn ’e posysje ferkeard hie om in oar te kommandearjen, fielder – no’t it wol safier wie – fuortendaliks wat fan argewaasje no’t dizze frou net fuortendaliks die wat er har opdroech. ‘Wat wie jo namme ek al wer?’ frege er har. Hy fernuvere him oer himsels: hy wist om ’e donder noch wol hoe’t se hiet.

‘Geeske. Fan it Friese Land.’

‘It is ek sa. Hoefolle tiid tinke jo dat jo noadich ha?’

‘It is healwei fjouweren, ik ha noch in healoere, dan moat ik nei de folgjende.’

Jan de Vries hie der suver al wer spyt fan dat er op syn 68’ste, gesechlik as er fan natuere wie, foar it earst fan syn

libben immen kommandearre hie. Freegje en yn tank oanfurdigje paste de persoan, dy't er altyd west hie, better.

'Ik ha krekt fiif wike mei koroana yn it sikehûs lein, ik bin noch net ta folle by steat,' socht er om begryp foar de wat ûngelokkige toan dy't er krekt oanslein hie.

Geeske seach op har mobyltsje. 'Ik ha noch in healoere. Foar of achter, wêr begjin ik?'

De Vries seach dat yn 'e foarkeamer in tichte, net al te hege kast tsjinoer de bank stie. De kâns wie grut dat dêr in televyzje yn stie. In jûntsje mei in kwis en in praatprogramma like him wol wat. 'De foarkeamer,' sei er.

'Wêr fyn ik de stofsûger?'

Hy tocht nei. Wêr berget de trochsneed Nederlânske frijfeint in stofsûger op? Hy wie sels sa'n frijfeint, by him tsjinne de meterkast as berchfak.

'De meterkast,' sei er op goed gelok.

In twadde fraach koe net útbliuwe: 'Wêr fyn ik de meterkast?'

'Ach minske, sjoch...'

En wer waard er suver kjel fan himsels. Of wie it fan de Jan de Vries dy't hjir wenne? Ho, wacht eefkes, hjir net yn fertize reitsje. Hy rûn nei de gong en luts de earste doar nei de haadyngong iepen. It wie de meterkast. Sûnder stofsûger. Op goed gelok iepene er de earstfolgjende doar. Dy joech tagong ta de kelder. Hy koe minsken dy't net allinne jirpels, fruit en wyn mar ek húshâldlike apparaten yn 'e kelder bewarren. Foar him as flatbewenner like it besit fan in kelder in hast

himelske sensaasje dy't ûnder normale omstannichheden altyd ûnberikber bliuwe soe. Hy draaide it ljochtknopke om en seach yn ien eachopslach dat der, krekt as yn 'e keuken, fan alles oan it ferskimmeln wie, mar in stofsûger wie dêr net by.

'Is dat de meterkast?'

De Vries wist net oft it in serieuze fraach wie of dat Geeske de gek mei him hie. 'Wat tinkst sels?' antwurde er fol arge-waasje.

'Jo hoege net sa te snauwen. Ik...'

Jan de Vries hie fuort al wer spyt fan syn útfal, sa wie er net. Hy die de kelderdoar ticht en de keukendoar iepen. Syn each foel op it lege oanrjocht. Om wat goed te meitsjen, sei er: 'Dat ha jo kreas dien.'

Geeske stuts him in hân troch de earm: 'Kom, wy jouwe ús eefkes del yn 'e keuken.'

Se skode him handich op ien fan 'e beide stuollen oan wjerskanten fan in twapersoanstaffeltsje, sels gie se op 'e stoel tsjinoer him sitten. Se pakte syn rjochterhân beet en begûn dêr súntsjes oerhinne te wriuwen.

'Hè, wat is it wat mei jo, mantsje. Jo witte net iens mear wêr't jo eigen stofsûger stiet. Of ha jo miskien net iens sa'n ding? Nimt de wurkster har eigen mei?'

De Vries tocht oan syn eigen griene Tomado yn 'e meterkast. Him in bytsje ynskikliker opstelle, soe net ferkeard wêze, betocht er. 'Jo moatte it my mar net kwea ôf nimme Geeske, ik bin wat yn 'e war.'

'Dat is hiel normaal by minsken mei covid,' sei se freonlik.

Se kloppe in pear kear by De Vries op 'e rêch fan 'e hân. It die him goed. De wurdjes 'ter bemoediging' dwerrelen him troch de holle. It wie gauris de ôfsluting fan oanfragen foar plaatsjes yn it religieuze fersykplateprogramma fan Omrop Fryslân op sneintemoarn. Hy hie it altyd wat in neatsizzende term fûn, mar it wie krekt oft er troch dizze klopkes op 'e hân ynienen begriep wat 'ter bemoediging' betsjutte.

'Moat ik jo helpe om 'e stofsûger werom te finen? Jo hawwe him sels ergens opburgen, nim ik oan.'

De Vries seach nei de kastjes boppe it oanrjocht, oan beide kanten omsletten troch in hege kast.

'Hat jo hulp dy kasten ynrychte?'

De Vries skodholle lichtjes. Geeske kloppe him nochris op 'e hân. 'Witte jo wat? Ik gean der hurd eefkes bylâns.'

Se iepene de doar fan 'e linkerkast. Jan de Vries seach fanôf syn stoel dat dy foar in grut part fold wie mei pannen: in reade fleispanne, in swarte koekepanne en in hiele rige metaalkleurige grientepannen. Geeske bestudearre de binne- en ûnderkant fan in oantal pannen. Se hold in grientepanne omheech. 'Dútske deeglikheid, myn komplimenten. Dy geane in minskelibben mei.'

'De measte hat ús mem noch kocht.' De Vries woe net allinne mei de ear strike, tagelyk wist er dat syn mem noait it jild hân hie om sokke djoere pannen te keapjen.

'My tinkt dat dizze wol fjirtich jier âld binne,' sei Geeske wylst se de pannen weromsette yn 'e kast. 'Hat dit hûs noch fan jo heit en mem west?'

De Vries skode de stoel wat tichter nei it taffeltsje ta en lei dêr de hannen op. ‘Se ha my hjir op ’e wrâld set.’

‘En jo binne hjir altyd bleaun?’

‘Eins wol.’

‘Kin’k my wat by foarstelle. It is in prachtich plakje.’ Se gie, mei de kast noch iepen, mei de rêch tsjin it oanrjocht stean.

‘Fynst?’ frege De Vries.

‘Sa’n moai, âld en sfearfol hûs. Wa’t hjir ienkear wennet, wol hjir noait wer wei.’

‘Wa’t talint foar lok hat, hat it yn in lytser hûs ek nei’t sin.’

‘Dêr ha jo gelyk oan,’ sei Geeske. Se rûn op Jan de Vries ta en traktearre him op in klapke op ’e rêch fan ’e hân. ‘Mar wês earlik, it wennet hjir better as op in flatsje yn Skieringen.’

De Vries seach har fernuvere oan. Wist se fan syn flat yn ’e Dinnestrjitte? Hy woe der net te lang oer neitinke en frege har: ‘Soene jo my nochris op ’e hân klopje wolle?’

Geeske seach ien momint ferwûndere fansiden, dêrnei lei se twa waarme hannen op dy fan De Vries en knypte him lichtjes yn ’e pols. Se rûn wer nei de kast. Boppe de pannen wie in rim mei blikken brune beanne, woartels en mingd fruit op sap.

Yn it earste oanrjochtkastje stiene steapels mei brea- en itensboarden. Geeske seach op ’e ûnderkant dat se moai wat jierren lyn yn Dútslân makke wiene, se priizge op ’e nij de kwaliteit. Yn de oare kastjes stiene koppen en pantsjes, oar servysguod en glêswurk. It lêste kastje wie fold mei yn karton ferpakte makarony en oar hâldber itensguod. Achter it doarke

dêrûnder gie de koelkast beskûl. Op in pak molke, in pak yoghurt en in stikje ferskimmele tsiis nei wie dy leech.

‘Dêr ha wy him,’ sei Geeske. Se knipte mei de fingers. Se die in haal yn ’e grutte kast en hold in stofsûger omheech. Deselde kleur grien as syn eigen Tomado, mar dit wie in Miele. Dútske deeglikheid, al wer.

‘Dêr ha wy de lytse rakker te pakken,’ sei Geeske wylst se it ding op ’e grûn sette. ‘Nuver plak foar in stofsûger, sa tusken de bôletromp, de koeke en de koekjes. Dat jo dat fergetten wiene.’

Jan de Vries fernuvere him der sels ek oer. ‘It sil de koroana wêze,’ ornearre er.

‘Ik tink it ek,’ stimde Geeske him mei. ‘Witte jo wat? Ik sûgje de beide keamers hurd eefkes, komt it ôfstofjen moarn. Mei iens?’

Se kloppe him nochris op ’e rêch fan ’e hân. Hoe soe er har wat wegerje kinne? ‘Doch mar,’ sei er op in toan dêr’t wurdearring en mooglik mear útspruts.

Geeske rûn, de stofsûger achter har oanlûkend, nei de achterkeamer en stuts de stekker yn it earste stopkontakt dat se seach.

4

De Vries kuiere nei de keuken en die de doar nei de bykeuken iepen. Syn each foel as earste op in lytse wurkbank mei in bankskroef. Oant it lewant dêrboppe hong in ta it uterste oardere stellaazje fan plankjes, heakjes en laden dêr't elke skroevedraaier, elke tange, ja dêr't elk boutsje syn eigen plakje hie. Sykje wie der net by, alles lei foar it gripen. Neist de wurkbank stie in tafel mei dêrop in oantal houten byldsjes, meast bisten. In Dútske herder en in grou Belgysk hynder stiene njonken in earn. De lêste wie heal ôf, dêr wie de houtkeunstner yn hingjen bleaun sa te sjen.

Oan in spiker yn 'e doarpost fan 'e achterdoar hongen – ûnsichtber fan bûten – twa kaaien. De Vries makke mei ien dêrfan de doar los en stapte nei bûten. It wie mar krekt boppe nul, lies er op 'e termometer tusken it rût en 'e doar. Hy stapte in terras fan grize tegels op. Dat gie nei in pear meter oer yn gers, mei yn de midden in paadsje fan ien tegel breed. Dêromhinne perken mei útbloeide blommen. De tún wie in meter as tolve, trettjin djip. Achteryn stie in lyts túnhokje. Hy rûn der nei ta. Troch it rût seach er in swarte hearefyts, in pear houten túnstuollen en in meanmasine.

De kjeld sloech him op 'e longen. Dy wiene, sa't er no

pynlik fernaam, noch lang net yn oarder. Om it net noch be-
nauder te krijen socht er stapke foar stapke de achterdoar wer
op. Net te hurd, dat soe de skea allinne mar fergrutsje.

‘Dat moatte jo net dwaan,’ sei Geeske. Se klonk as in
ûngerêste ferpleechster. ‘Sûnder jas nei bûten yn jo kondysje,
it wurdt jo dea.’ Se rôp it De Vries ta achter de terrasdoarren
yn de achterkeamer wei. ‘Kom der gau yn.’

Se pakte him by in earm, dirigearre him nei de keuken en
sette him op deselde stoel del as earder. Se gie tsjinoer him
sitten en foar de safolste kear – De Vries tocht dat er noait
wer sûnder koe – wreau se him oer de rêch fan ’e hân, no net
sa sear ta bemoediging, mar mear om him te ferwaarmjen.
Se lei beide âldemanljushannen neist elkoar op ’e tafel en
begûn se systematysk mei har eigen hannen op temperatuer
te bringen.

‘Bliuw eefkes rêstich sitten. Kom ta josels, dan kinne jo
dêrnei dwaan wat jo wolle. Ik meitsje gau it stofsûgjen dien,
ha jo dêrnei gjin lêst mear fan my.’

‘Ik ha net de minste lêst fan...’

Geeske striek him in lêste kear oer de hannen en kaam
oerein. ‘Dat wit ik wol, mar ik moat avenseare, oars freget de
folgjende him ôf wêr’t ik bliuw.’

‘Wriuwe jo dy ek oer de hannen?’ It kaam derút ear’t De
Vries sels goed en wol wist wat er sei. Hy fielde dat er in kaam
krige. Wie it puber- of âldemannepraat? Yn beide gefallen slim
genôch om him dea te skamjen. Hy makke him los fan ’e stoel.
Sûnder noch wat te sizzen rûn er nei de treppens en socht it